



Staveringshifker

Ynstruksjes foar ynstallaasje Staveringshifker plug-in foar Microsoft Office Word

Ferzje 2.1.1806, 15-03-2018

Dizze Staveringshifker wurdt oanbean as plug-in en wurket yn Microsoft Word 2010, 2013, ûnder Windows 7, 8(.1) en 10.

System

Om nei te gean oft jo in 32- of 64-bits Officeferzje op jo systeem hawwe:


- Bestand → Help (Word 2010)
- Bestand → Account → Info over Word (Word 2013)

Ynstallaasje

Start nei it ynladen it ynstallaasjebestân op en folgje de ynstruksjes op it skerm om de staveringshifker op jo kompjûter te ynstallearjen. It fekke 'Webservice URL' kinne jo gewurde litte. Yn it fekke 'Koade fan jo persoanlike staveringslist' kinne jo de persoanlike koade ynfierje foar tagong ta jo eigen staveringslist. Dy koade kinne jo hjir oanfreegje:

<http://taalweb.frl/staveringshifker>.

Nei it oanfreegjen krije jo in e-mail mei de koade. Dy koade kinne jo kopiearje en plakke yn it fekke dat ferskynt as jo de staveringshifker foar Word ynstallearje:



Persoanlike staveringslist

Mei help fan de persoanlike staveringslist kinne jo sels wurden oan de wurdlist fan de staveringshifker taheakje. Om fan dy service gebrûk meitsje te kinnen hawwe jo in persoanlike koade nedich. Sjoch hjirboppe. Op Taalweb.frl kinne jo de koade plakke yn it fekke dat ferskynt as jo klikke op de knop 'persoanlike staveringslist wurksom meitsje'.

Persoanlike staveringslist wurksom meitsje

Om in persoanlike staveringslist te brûken hawwe jo in persoanlike koade nedich. Folje jo e-mailadres yn om dy op te freegjen.

Of folje jo persoanlike koade yn.

E-mailadres

Persoanlike koade

Persoanlike Staveringslist yn Word brûke

Yn Word heakje jo in wurd oan jo persoanlike list ta troch mei de rjochtermûsknop op in markearre wurd te klikken en dêrnei te klikken op de opsje 'Tafoegje oan persoanlike staveringslist'.

It is mooglik om de wurden dy't jo taheakke hawwe yn Taalweb.frl te besjen en te behearen. Ut Word wei kin dat troch yn it tabbled 'Fryske Staveringshifker' op de knop 'Persoanlike staveringslist' te klikken.

Persoanlike Staveringslist op Taalweb brûke en beheare

Yn de webferzje fan de Staveringshifker heakje jo in wurd oan jo persoanlike list ta troch mei de linkermûsknop op in markearre wurd te klikken en dêrnei te klikken op de opsje 'Tafoegje oan persoanlike staveringslist'.

It is mooglik om de wurden dy't jo taheakke hawwe ek te besjen en te behearen. Dat kin troch op de knop 'Besjoch jo persoanlike staveringslist' te klikken. In wurd opromje kin troch rjochts fan it keazen wurd op it tekentsje te klikken.

Server Fryske Akademy

De Word-teksten wurde nei in server fan de Fryske Akademy stjoerd en dêr ferwurke. Jo teksten wurde net op de server bewarre. Wannear't jo de plug-in downloade, geane jo der akkoart mei dat jo teksten op de server fan de Fryske Akademy hifke wurde. De Fryske Akademy kin net oanspraaklik steld wurde as de server net berikber is.

Help

Wy binne fansels ree om jo te helpen by problemen by de ynstallaasje. Om't it lestich wêze kin om helpfragen fia de telefoan te beäntwurdzjen, kinne jo jo fragen it bêste stelle yn in e-mail oan taalweb@fryske-akademy.nl.

As jo yn dy e-mail presys útlizze hokker stappen jo yn it ynstallaasjeproses dien hawwe, en by hokker stap oft jo in probleem ûnderfûn hawwe, dan is de kâns it grutst dat jo probleem oplost wurde kin. Krije jo in foutmelding, meitsje dêr dan in kopy fan, of notearje presys wat oft de foutmelding is. Jou a.j.w. ek oan hokker ferzje fan Microsoft Office oft jo brûke.